OPLIEDINGSGIDS LEARAAR FRYSK

FLEKSIBEL UNDERWIIS



STÚDZJEJIER 2020-2021

Ynhâldsopjefte

1. Ynlieding 3
2. Wêr en hoe fynst watfoar ynformaasje? 4
3. Oanbod 5
4. Jierroaster oanbod 6
5. Yntekenje foar kolleezjes 8
6. Toetsing 9
7. Toetsoersjoch 10
8. Rjochtlinen foar it ynleverjen fan opdrachten en portfolio's 11
9. Falidearring 12
10. Kennisassessment en taaltoets 14
11. Wurkplaklearen 15
12. Ofstudearmodules 16
13. Stúdzjecoach 17
14. It tiim Nederlânsk/Frysk 18

Taheakke: Spykkaart Frysk skriuwen 19

Ynlieding

Wolkom by de oplieding Learaar Frysk. Yn dizze opliedingsgids[1] fynst wichtige ynformaasje oer dyn oplieding, sawol praktyske saken as saken dy't te krijen hawwe mei de oplieding.

Omdat ynformaasje yn de rin fan it jier feroarje kin, advisearje wy dy om de Blackboardside Bachelor Frysk goed yn de gaten te hâlden. Dêr sette wy hieltyd de aktueelste ynformaasje yn de fernijde opliedingsgids.

It kin sa wêze dat guon saken dy net dúdlik binne. Wy riede dy dan oan en stel dyn fraach earst oan in meistudint foar'tst dyn stúdzjecoach of in fakdosint fregest. Ast in flater sjochst yn de gids, wês dan net bang om in mail te stjoeren nei Gerbrich de Jong (gerbrich.de.jong@nhlstenden.com).

Fansels winsket it hiele tiim Frysk/Nederlânsk dy in protte wille ta en súkses foar it kommende jier!

[1] Dizze gids is ta stân kommen mei help fan ús studinten Ine Otter, Jeffry Schoppen en Hessel Yntema.

Wêr en hoe fynst watfoar ynformaasje?

Der is in soad ynformaasje beskikber, mar moatst mar krekt witte wêr'tst dy fine kinst. De wichtichste ynformaasjeboarne is it yntranet fan NHL Stenden. Fia dy haadside hast fuort tagong ta:

a. de e-mail fan de hegeskoalle;
b. Blackboard (de elektroanyske learomjouwing fan dyn oplieding);
c. Schedule (dyn kolleezjeroaster);
d. Progress (dêr binne dyn resultaten te sjen en kinst dy ynskriuwe foar tentamens);

Op ús Blackboardside 'Bachelor Frysk (IEC_T_10_16)' fynst algemiene ynformaasje oer it brûken fan Blackboard, in plattegrûn fan it hegeskoallegebou en de ferskate lokaasjes, hoe'tsto dy ynskriuwe kinst foar toetsen, ensfh. Lês dy ynformaasje goed troch, sadatst goed taret oan de stúdzje begjinst.

Oanbod

It oanbod datst folgest, is ôfhinklik fan dyn persoanlike leararranzjemint. De modulen dy't de boustiennen fan dyn oplieding foarmje binne beskikber yn it moduleboekje *Flexibel Onderwijs Deeltijdopleiding Leraar Fries 2e graad 2020-2021.* Dat boekje is op ús opliedingsside op Blackboard te finen. Dêr steane de ferskate modulen yn mei de learútkomsten (LUKs) dy't dêrby hearre en fynst wichtige ynformaasje wat falidearring oanbelanget.

De faklessen dy't hearre by de modulen Basis vakgebied Fries en Verdieping vakgebied Fries en wurde op tiisdei yn Ljouwert oanbean. It kolleezje-oanbod begjint om 14:30 oere en einiget om 19:45 oere. De materialen dy't brûkt wurde yn de kolleezjes fynst op de blackboardcourse 'Bachelor Frysk (IEC_T_10_16)'.

De faklessen Taalontwikkelend lesgeven en Taal en Zorg, dy't hearre by de module Vakdidactiek Fries, binne roastere yn perioade 1 en 2 fan 13:00 oant 14:30.

It oanbod op de tiisdei is in foarm fan *blended learning (blend).* Do kinst de learútkomsten oantoane troch it oanbod te folgjen en de byhearrende toets of opdracht te meitsjen, mar do kinst der ek foar kieze om fia selsstúdzje de learútkomsten te beheljen of op dyn wurkplak.

It oanbod fan de modulen Oriëntatie op Onderwijs en Beroep (OOB) en Pedagogiek is op moandei yn Grins en op woansdei yn Ljouwert ynroastere. Dat oanbod begjint om 16:00 oere en einiget om 21:15 oere. It oanbod fan *Basis vakgebied en Oriëntatie op Onderwijs en beroep (OOB)* fynst yn it Roaster ûnder de groepsnamme **VO_LFY_FOFY1_P**. It oanbod fan *Verdieping vakgebied* en *Pedagogiek* fynst ûnder de groepsnamme **VO_LFY_FOFY2_H**. It oanbod fan de ôfstudearmodules fynst ûnder **VO_LFY_FOFY**.

Troch de koroanakrisis sil ús ûnderwiis foar in grut part online plakhawwe, bygelyks fia Blackboard Collaborate Ultra of Teams. De dosinten fan de oplieding sille dy fansels op 'e tiid ynformearje wêr'tsto dielnimme kinst oan de online kolleezjes.

Jierroaster oanbod

Kolleezje-oanbod stúdzjejier 2020/2021 Frysk (tiisdeis)

Perioade 1	
Taal en maatskippij	Taalkunde Fries
Taalfeardigens 1: basis	Taalvaardigheden Fries
Taalfeardigens 1: syntaksis	Taalvaardigheden Fries en taalkunde Fries
Taalfeardigens 2: taalportfolio	Taalvaardigheden Fries
Literatuerkennis 2	Fictie en cultuur Fries
Talen en kultueren fan de oare Fryslannen	Taalkunde Fries
Ferdjipping fiksje en kultuer (ynrin)	Fictie en cultuur Fries

Perioade 2	
Literatuerkennis I	Fictie en cultuur Fries
Taalfeardigens 1: kreatyf	Taalvaardigheden Fries
Taalfeardigens 1: syntaksis	Taalvaardigheden Fries en taalkunde Fries
Taal en teory II	Taalkunde Fries
Literatuerkennis 2	Taalvaardigheden Fries
Taalfeardigens 2: taalportfolio	Fictie en cultuur Fries
Ferdjipping fiksje en kultuer (ynrin)	Fictie en cultuur Fries

Perioade 3	
Taal en teory 1	Taalkunde Fries
Literatuerkennis I	Fictie en cultuur Fries
Taalfeardigens 1: taalportfolio	Taalvaardigheden Fries
Literatuerkennis 2	Fictie en cultuur Fries
Talen yn Fryslân	Taalkunde Fries
Didaktysk Praktikum Frysk	(Vak)didactiek Fries

Perioade 4	
Taal en teory 1	Taalkunde Fries
Kennisassessment en taaltoets	Alle leeruitkomsten
Taalfeardigens 1: taalportfolio	Taalvaardigheden Fries
Literatuerkennis 2	Fictie en cultuur Fries
Kennisassessment en taaltoets	Kennisassessment
Didaktysk Praktikum Frysk	(Vak)didactiek Fries

Toetsing

Perioade 1	Perioade 2	Perioade 3	Perioade 4
Taalkunde Fries 1: Taal en maatschappij	Taalvaardigheden Fries 1: Taalkennis	Fictie en cultuur Fries 1: Literatuerkennis	Taalkunde Fries 1: Taal en teory
			Taalvaardigheden Fries 1: portfolio
	Taalkunde Fries 2: Taal en teory	Taalkunde Fries 2: Talen yn de Fryslannen	Fictie en cultuur Fries 2: Literatuerkennis
	Taalvaardigheden Fries 2: portfolio		Taalvaardigheden Fries 2: taaltoets
			Kennisassessment



= toets = opdracht

Roaster oanbod Basis Vakgebied Fries en Verdieping Vakgebied Fries

	PERIODE 1		***PERIODE 2***	
(moandei – Grins) 16:00 - 21:15	**OOB / Pedagogiek**		**OOB / Pedagogiek**	
	Module *Oriëntatie op onderwijs en beroep (OOB) en Pedagogiek*			
(tiisdei – Leeuwarden)	**Module Basis vakgebied / Module Vakdidactiek**	**Module Verdieping vakgebied / Module Vakdidactiek**	**Module Basis vakgebied / Module Vakdidactiek**	**Module Verdieping vakgebied / Module Vakdidactiek**
13:00 - 14:30	*minor*	*Ferdjipping fiksje en kultuer (ynrin)*	*minor*	*Ferdjipping fiksje en kultuer (ynrin)*
14:30 - 16:00	**Taal en maatskippij**	Taalfeardigens 2: taalportfolio	Literatuerkennis 1	**Taal en teory 2**
16:00 - 17:30	Taalfeardigens 1: syntaksis	Literatuerkennis 2	Taalfeardigens 1: syntaksis	Literatuerkennis 2
18:15-19:45	Taalfeardigens 1: basis	Oare Fryslannen	Taalfeardigens 1: kreatyf	Taalfeardigens 2: taalportfolio
19:45 - 21:00	**WERKPLAATS**		**WERKPLAATS**	
(woansdei – Ljouwert) 16:00 - 21:15	**OOB / Pedagogiek**		**OOB / Pedagogiek**	
	Module *Oriëntatie op onderwijs en beroep (OOB) en Pedagogiek*			

Leerútkomsten FO Learaar Frysk	
	Leeruitkomsten Fakdidaktyk
	Leeruitkomsten Fiksje
	Leeruitkomsten Taalfeardigens
	Leeruitkomsten Taalkunde
	Leeruitkomsten OOB en Pedagogiek

PERIODE 3		***PERIODE 4***	
OOB / Pedagogiek		**OOB / Pedagogiek**	
Module *Oriëntatie op onderwijs en beroep (OOB) en Pedagogiek*			
Module Basis vakgebied / Module Vakdidactiek	**Module Verdieping vakgebied / Module Vakdidactiek**	**Module Basis vakgebied / Module Vakdidactiek**	**Module Verdieping vakgebied / Module Vakdidactiek**
minor	*minor*	*minor*	*minor*
Taal en teory 1	Talen yn Fryslân	**Taal en teory 1**	Didaktysk praktikum
Literatuerkennis 1	Didaktysk praktikum	Taalfeardigens 1: taalportfolio	Literatuerkennis 2
Taalfeardigens 1: taalportfolio	Literatuerkennis 2	Kennisassessment en taaltoets	
WERKPLAATS		**WERKPLAATS**	
OOB / Pedagogiek		**OOB / Pedagogiek**	
Module *Oriëntatie op onderwijs en beroep (OOB) en Pedagogiek*			

Yntekenje foar kolleezjes

Omdat it oanbod foar ‘Oriëntatie op Onderwijs en Beroep (OOB)’ en ‘Pedagogiek’[2] twa kear yn it stúdzjejier oanbean wurdt, moatst dy dêr foar ynskriuwe. Sjoch foar ynformaasje op de Blackboard-side fan de modulen: Orientatie op Onderwijs en Beroep (OOB) en Pedagogiek.

[2] Foar de modules binne hieltyd de Nederlânske titels oanholden, omdat dy korrespondearje mei de ynformaasje op Blackboard, roasterynformaasje en it moduleboekje foar Flexibel Onderwijs.

Toetsing

Alle learútkomsten (LUKs) besteane út ien of meardere toetsfoarmen. Dat kinne skriftlike tentamens, opdrachten of portfolio's wêze (sjoch: haadstik 7).

Tentamens wurde sintraal ynroastere en foar dy tentamens yn de toetswiken (sjoch: taheakke II) moatst dy yntiids ynskriuwe fia Progress. Foar de fakken dy'tst by Frysk folgest (de tiisdeifakken) hoechst dy *net* yn te skriuwen. **Tink derom:** tentamens kinne yn de tentamenwiken op alle dagen yn de wike ynroastere wurde nei 16:00 oere. Hâld dêr rekken mei op it wurk.

Yn alle stúdzjejierren krigest twa toetskânsen, ek wannear't in tentamen mear as twa kear yn it jier oanbean wurdt. Ast dy wol ynskreaun hast foar in tentamen dêr'tst net west hast, telt dat net as in toetskâns.

Ek foar opdrachten en portfolio's hast twa kânsen. Wannear'tst in opdracht of portfolio by in dosint ynleverest, jildt dat as ien kâns.

Foar de toetsen dy't makke binne, wurde úteinlik mominten ynroastere dêr'tst it tentamen op ynsjen kinst. Dy wurde oankundige fia ús opliedingsside op Blackboard of oer de mail. De dosint hat trije wike de tiid om in tentamen of opdracht nei te sjen. Wannear't dat net slagget, sil de dosint dat de studinten witte litte.

Toetsoersjoch

Basis vakgebied Fries	**Perioade 1:**	**Perioade 2:**	**Perioade 3:**	**Perioade 4:**
Tentamen	LUK Taalkunde Fries I - Taal en maatschappij	LUK Taalvaardigheden Fries I-Taalkennis		LUK Taalkunde Fries I-Taal en teory I (
Opdracht/portfolio			LUK Fictie en cultuur Fries I-Literatuerkennis	LUK Taalvaardigheden Fries I-Portfolio
Formatyf	LUK Taalvaardigheden Fries I-Taalfeardichheid basis LUK Taalvaardigheden Fries I-Syntaksis tiidwurden			LUK Taalvaardigheden Fries I-Taaltoets LUK Kennisassessment I

Verdieping vakgebied Fries	**Perioade 1:**	**Perioade 2:**	**Perioade 3:**	**Perioade 4:**
Tentamen		LUK Taalkunde Fries II: Taal en teory	LUK Taalkunde Fries II-Talen yn de Fryslannen (mûnling)	LUK Kennisassessment-Kennisassessment LUK Taalvaardigheden Fries II: Taaltoets
Opdracht/portfolio		LUK Taalvaardigheden Fries II-Portfolio		LUK Fictie en cultuur Fries II-Literatuerkennis
Formatyf	LUK Taalvaardigheden Fries II-Wurdskat LUK Taalkunde Fries II-Oare Fryslannen			

Vakdidactiek	**Periode 1:**	**Periode 2:**	**Periode 3:**	**Periode 4:**
Assessment	**Assessment**			
Oriëntatie op Onderwijs en Beroep				
Portfolio		*sjoch hjirre*		
Pedagogiek				
Portfolio		*Sjoch hjirre*		

Rjochtlinen foar it ynleverjen fan portfolio´s

Foar opdrachten en portfolio's jilde algemiene rjochtlinen en spesifike easken. Dy wurde by alle modules apart kommunisearre troch de dosint of op de oanbelangjende Blackboardside. Materiaal datst ynleverest, moat oan dy easken foldwaan, foar't in dosint dyn wurk beoardielet.

Algemiene rjochtlinen

- Kontrolearje al dyn teksten op stavering en formulearring. Kontrolearje de stavering op www.taalweb.frl. Fan dosinten Frysk wurdt ferwachte dat se in goede taalfeardigens hawwe;
- Set op alles watst ynleverest dyn namme, studintnûmer, de learútkomst, de dosint en de ynleverdatum;
- Soargje by lange teksten foar in dúdlike yndieling mei in ynlieding, middenstik en slot. Ferdiel de tekst yn alinea's. Brûk (tusken)kopkes en wytrigels;
- Dossiers befetsje in (automatyske) ynhâldsopjefte en sidenûmers;
- Soargje derfoar dat it hiele dokumint op deselde wize opmakke is. Meitsje gebrûk fan in standert rigelôfstân en in standert lettertype;
- It gebrûk fan boarnen komt krekt: dyn boarnen moatte betrouber wêze en soargje derfoar datst in grut ferskaat oan boarnen hast. Ferwiis nei de boarnen altyd mei de APA-rjochtlinen (dy kinst fine op ynternet, Blackboard en op de intranetside fan de mediateek NHL Stenden). Lit ek altyd witte op hokker datum de boarne brûkt is. Dat jildt ek foar ôfbyldingen;
- Sitearje op de korrekte wize: set in sitaat tusken oanhellingstekens en ferwiis nei de boarne (efternamme fan de skriuwer en it jiertal).

Spesifike rjochtlinen:

- Leverje dossiers en wurkstikken yn mei in foarkant of omslach;
- Set taheakken efteryn en ferwiis yn de tekst nei dy taheakken. Jou taheakken nûmers en/of titels.

Falidearring

De fleksibele dieltiidopliedingen wurkje mei in falidearring fan de kennis, kunde en ûnderfining dy't foar de oplieding relevant is en dy't op it frege nivo oantoand wurdt. Alle studinten sille yn gearwurking mei har stúdzjecoach in persoanlik learárranzjemint opstelle. Der wurdt sjoen nei de ôfrûne (of folge) opliedingen en diploma's, mar ek nei de wurkûnderfining. De stúdzjedoer is dêrnei ôfhinklik fan ferskate faktoaren, tink oan: stúdzjefermogen en persoanlike omstannichheden (lykas de omfang fan dyn baan en dyn thússituaasje).

Troch falidearring fynt der mear maatwurk plak en dat biedt mooglikheden om flugger troch de oplieding te gean. Mar dat slagget net troch it fuortstreekjen fan in diel fan it programma-oanbod: yn de fleksibele dieltiid wurde der stúdzjepunten takend op grûn fan de oantoande learútkomsten en net op grûn fan fakken dyt'sto folge hast. Studinten dy't al ûnderwiisûnderfining of beskate fakkennis ha, kinne sa'n learútkomst folle earder berikke as dyjingen foar wa't it ûnderwiis of fak nij is.

Asto in falidearring krigest foar in bepaalde learútkomst, betsjut dat oars net datsto dêr yn dyn stúdzje net mear nei hoechst te sjen. Yn de stúdzje makkest nammentlik noch it kennisassessment en dêr komt de teory fan de ferskate domeinen yn werom. Yn de modulebeskriuwingen fan ús oanbod (sjoch: taheakke 1) kinst sjen by hokker oanbod beskate domeinen weromkomme.

Alle ynformaasje oer de prosedueres, taken en ferantwurdlikheden as it giet om falidearring stiet yn it moduleboekje *Flexibel Onderwijs Deeltijdopleiding Leraar Fries 2e graad 2019-2020.*

Do kinst it moduleboekje ek weromfine op ús opliedingsside op Blackboard.

Foar de fakmodules fan de oplieding kinst terjochte by de ûndersteande modulebehearders:

*Basis vakgebi*ed Fries: Gerbrich de Jong

Verdieping vakgebied Fries: Gerbrich de Jong

Vakdidactiek: Akke Gerlsma

Foar de **generike modules** binne it de ûndersteande modulebehearders:

Orientatie op Onderwijs en Beroep:

Walter Geerts (walter.geerts@nhlstenden.com)

Paula Verbeem (paula.verbeem@nhlstenden.com)

Pedagogiek:

Albert Brouwer (albert.brouwer@nhlstenden.com)

Mariëtte Mengerink (mariette.mengerink@nhlstenden.com)

Handelingsbekwaam:

Marjolein Leezenberg (marjolein.leezenberg@nhlstenden.com)

Professioneel profiel:

Yvonne Boksebeld (yvonne.boksebeld@nhlstenden.com)

Marjolein Leezenberg (marjolein.leezenberg@nhlstenden.com)

Didactisch ontwerp:

Nelleke den Braber (nelleke.den.braber@nhlstenden.com)

Dédé de Haan (dede.de.haan@nhlstenden.com)

Kennisassessment en taaltoets

Oan de ein fan dyn earste en twadde stúdzjejier makkest it kennisassessment. Dat is in toets dêr'tst mei sjen litst datst de kennis út de kennisbasis Frysk behearskest. Do wurdst op it kennisassessment taret troch it oanbod 'kennisassessment en taaltoets' yn perioade 4.

It kennisassessment giet oer alle stof fan Basis Vakgebied Fries en Verdieping Vakgebied Fries. Do makkest it kennisassessment twa kear: ien kear yn jier 1 en ien kear yn jier 2. De earste kear is de toets formatyf en de twadde kear is de toets summatyf. Beide kearen kinst dielnimme oan it oanbod yn ‘kennisassessment en taaltoets’ yn perioade 4.

Kinst dysels tariede op it kennisassessment troch de kennisbasis Frysk troch te nimmen. Kinst ek nochris de kolleezje-oantekeningen derby pakke fan de kolleezjes dy'tst folge hast yn Basis Vakgebied Fries en Verdieping Vakgebied Fries.

De kennisbasis foar de bachelor Frysk kinst fine op de website fan 10voordeleraar (ast op de link klikst krijst de kennisbasis te sjen).

In oare toets dy'tst twa kear makkest yn de oplieding is de Taaltoets. Nei it earste jier moatst op taalnivo B2 sitte fan it referinsjeramt Frysk. Dat komt oerien mei de learútkomst 'Taalvaardigheden Fries' yn de propedeuzemodule 'Basis vakgebied Fries'. Oan de ein fan it twadde stúdzjejier moatst op taalnivo C1 sitte fan it referinsjeramt. Dat komt oerien mei de learútkomst 'Taalvaardigheden Fries' yn de module 'Verdieping vakgebied Fries'.

Wurkplakleare

Do hast ferskate praktykkonteksten nedich om dyn learútkomsten sjen te litten, tink oan de modulen ‘Oriïntaasje op Underwiis en Berop, Pedagogyk, Fakdidaktyk en de ôfstudearmodules.’ Dêrby is it fan belang oftst wurkest (of eardere wurkûnderfining hast) yn it ûnderwiis, of dat it dyn earste moeting is mei it wurkfjild.

Do kiest derfoar om foar in beskate module of in kombinaasje fan modulen in praktykplak te sykjen om praktykûnderfining te dwaan en/of opdrachten/aktiviteiten en ûndersyk út te fieren yn in ûnderwiissetting.

Studinten moate harren praktykplak (it plak dêr’tsto mei dyn ‘Leren in de pratijk’ oan de gong giest) altyd, nettsjinsteande hoe lang, oanjaan by it Praktykburo. Dat kin fia it digitale oanmeldformulier. It praktykplak wurdt pas mei akkoart gongen wannear’t de gegevens troch it Praktijkbureau registearre binne en de oerienkomst ûndertekene is. Dat is nedich om de begelieding en de beoardieling fan NHL Stenden út en op de staazjeskoallen garandearje te kinnen.

It digitale oanmeldformulier kin allinne ynfolle wurden as alle gegevens kompleet binne. Do moatst dêrom ûnder oare namme en mailadres fan ’e stúdzjecoach op NHL Stenden, de wurkplakbegelieder (staazjecoach) en skoaloplieder fan ’e staazjeskoalle by de hân te hawwen.

Nettsjinsteande dat yn it FO-programma it ‘Leren in de praktijk’ gjin opharselssteande toetsienheid is, freegje wy studinten dy’t harren eigen wurk brûke troch it ‘Leren in de praktijk’, dat wol alle skoaljierren oan te melden fia it digitale formulier. Yn it gefal fan in eigen baan is it net nedich alle gegevens foar bygelyks in wurkplakbegelieder (coach) yn te foljen. Boppedat krijst ek gjin oerienkomst, do hast ommers al in arbeidsoerienkomst mei de skoalle.

Ofstudearmodules

Foardatst oan de ôfstudearfase (de module Handelingsbekwaam of de module Onderwijsprofessional of beide tagelyk) begjinne kinst, moatst yn elts gefal de propedeuzemodule (de module Oriëntatie op Onderwijs en Beroep en de module Basis Vakgebied) foar dyn oplieding behelle ha. Dat is in formele yngongseask.

Dêrneist falt it tige oan te befeljen om al safier mooglik te wêzen yn de postpropedeuzemodules Pedagogiek, Verdieping vakgebied Fries en Vakdidactiek.

By it begjinnen oan dyn ôfstudearmodules makkest as diel fan dyn leararranzjemint in ôfstudearplan datsto bespraatst mei dyn stúdzjecoach/ôfstudearbegelieder fan NHL Stenden. Yn it ôfstudearplan leisto dyn leardoelen fêst op it einnivo en skriuwst op hokker aktiviteiten dêrby hearre. Dêrneist sjochst op hokker wurkplak (eigen wurkplak of staazjefoarm) ast aktiviteiten útfiere kinst en hokker begelieding dêrby winske en mooglik is. Dêryn leisto ek fêst hokker ôfstudearrjochting asto dochst: avo, bo-vmbo of bo-mbo.

De ôfstudearhanneling foar de module Handelingsbekwaam kinsto hjir fine. En alle ynformaasje oer de module Onderwijsprofessional fynst hjirre.

Wolst nei de bacheloroplieding noch fierder studearje foar dyn earstegraads foech? Skriuw dy dan yn foar de fakmaster Frysk. Mear ynformaasje kinst krije by Babs Gezelle Meerburg.

Stúdzjecoach

Tegearre mei dyn stúdzjecoach makkest in persoanlike leararranzjemint. Op ferskate momenten hast kontakt mei dyn coach om dyn foarútgong te bepraten en as it nedich is dyn leararranzjemint oan te passen. Soks kin op yndividueel nivo wêze, mar ek op groepsnivo. Foar dit jier binne de stúdzjecoaches:

Propedeutyske faze: Gerbrich de Jong
Haadfaze: Babs Gezelle Meerburg
Ofstudearfaze: Babs Gezelle Meerburg

Wannear't der wat bart dat der foar soarget datst fertraging oprinst of oprinne kinst, lit dat dyn stúdzjecoach dan witte. Soms kiest de stúdzjecoach dan om dy troch te ferwizen nei in dekaan. Ast ophâlde wolst mei de oplieding, lit dat dyn stúdzjecoach altyd witte.

Ast derfoar kiest om selsstannich oan in learútkomst te wurkjen, kinst begelieding freegje fan de fakdosint(en). Besykje oansluting te finen by oare studinten dy't ek selsstannich dwaande binne mei dy learútkomst, ast dêrfoar kiest. Sa kinst bygelyks mei-inoar wurkje yn de tiid dy't altyd ynroastere is foar gearwurkingsopdrachten en oerlis mei studinten (tiisdei fan 19:45-21:00 oere).

Kenst minsken dy't ynteresse ha yn de bacheloroplieding foar dosint Frysk? Dy meist ferwize nei Gerbrich de Jong, dy't kontakt mei harren opnimme sil foar in oriïntaasjepetear oer de oplieding. Belangstellenden binne ek altyd wolkom om oan te skowen by kolleezjes en op dy manier in yndruk te krijen fan de oplieding.

Tiim Nederlânsk/Frysk (alfabetysk)

*Dosinte*n:	*E-mailadres*:
Joke van Balen	joke.van.balen@nhlstenden.com
José Bruining	jose.bruining@nhlstenden.com
Pieter Duijff	pieter.duijff@nhlstenden.com
Akke Gerlsma	akke.gerlsma@nhlstenden.com
Marlies Hemel	marlies.hemel@nhlstenden.com
Babs Gezelle Meerburg	babs.gezelle.meerburg@nhlstenden.com
Judith Meijer	judith.meijer@nhlstenden.com
Mascha Gonggrijp	mascha.gonggryp@nhlstenden.com
Noortje Hemmen	noortje.hemmen@nhlstenden.com
Gerbrich de Jong	gerbrich.de.jong@nhlstenden.com
Ria Kieft	ria.kieft@nhlstenden.com
Mariëtte Mengerink	mariette.mengerink@nhlstenden.com
Simon Rozendal (teamleider)	simon.rozendal@nhlstenden.com
Birgit Telkamp	birgit.telkamp@nhlstenden.com
Bart Temme	bart.temme@nhlstenden.com
Emily Terpstra	emily.terpstra@nhlstenden.com
Ellen Veenema	ellen.veenema@nhlstenden.com
Henk Wolf	henk.wolf@nhlstenden.com

Spykkaart Frysk skriuwen

1. d of t of dt (by persoansfoarm yn notiid)
It Frysk folget deselde regels as it Nederlânsk.
hy leart / hij leert

2. d of t (by ôfslutend mulwurd)
It Frysk folget deselde regels as it Nederlânsk.
hy hat leard / hij heeft geleerd

3. persoansfoarm yn de doetiid
Yn it Frysk is dy altyd sa koart mooglik
hy prate / hij praatte

4. tiidwurd op –je of –e
In tiidwurd op –je wurdt oars bûgd as in tiidwurd op –e:

NOTIID

ik belje	ik bak
do bellest	do bakst
hy bellet	hy bakt
wy/jimme/sy/jo belje	wy/jimme/sy/jo bakke

DOETIID

ik belle	ik bakte
do bellest	do baktest
hy belle	hy bakte
wy/jimme/sy/jo bellen	wy/jimme/sy/jo bakten
ik ha belle	ik ha bakt

5. do
Komt *do* achter de persoansfoarm, dan komt it deroan fêst:
praatst + do = praatst(o)

6. wurden dy't yn it Frysk net foarkomme

- zich (*him/har/harren*)
  hy wasket him / hij wast zich
- hun (*har/harren*)
  harren klean / hun kleren
- een (*in*)
  in fyts / een fiets

7. *dan* of *as*?

Yn it Frysk altyd *as*.
Sy is grutter as hy. / Zij is groter dan hij.
Sy is like grut as hy. / Zij is even groot als hij.

8. waarin, waarmee
It hûs dêr't ik yn wenje. / Het huis waarin ik woon.
De penne dêr't ik mei skriuw. / De pen waarmee ik schrijf.

9. dizze/dy/dit/dat
Ast ferwiist nei wat datst earder neamd hast, brûk dan *dy* en *dat* (yn plak fan *dizze* en *dit*) en *dêr* yn plak fan *hjir*.

10. lichemsdielen
By lichemsdielen brûke we yn it Frysk altyd in lidwurd yn stee fan in besitlik foarnamwurd:
It skouder docht my sear. / Mijn schouder doet pijn.

11. om
Foegje 'om' ta as dat kin.
It is nuttich om dat te dwaan / Het is zinvol (om) dat te doen.

Sikest in Frysk wurd? Wolst dyn stavering kontrolearje? Wolst witte hoe't in sterk tiidwurd bûgd wurde moat? Sjoch op www.taalweb.frl.

12. los of fêst?
Twa of mear haadwurden dy't in ienheid foarmje, skriuwst oaninoar:
grientesop
haadburo
eineksamenútslach

13. tiidwurdfolchoarder
Yn in Fryske tiidwurdkloft komt it wichtichste tiidwurd altyd earst
Soesto dat dwaan wolle? / Zou jij dat willen doen?
It is persys oarsom as yn it Nederlânsk:
Soest dat sjen litte wolle? / Zou je dat willen laten zien?

14. 'komme' as helptiidwurd
- Giet it oer it doel fan kommen? Foegje 'te' ta.
  Sy komt jûn te iten / Zij komt vanavond eten
- Giet it om de manier fan kommen? Dan gjin 'te'.
  Sy komt oanriden / Zij komt aanrijden

15. 'gean' as helptiidwurd
'Gean' hat net itselde gebrûk as 'gaan' yn it Nederlânsk. Oplossingen:
- foegje 'te' ta:
  ik gean te fytsen / ik ga fietsen
- brûk 'sille':
  ik sil moarn reedride / ik ga morgen schaatsen

Wannear mei it wol?
Nei ien fan de lichemshâldingen: *stean*, *sitte*, *lizze* en *hingje*.
Ik gean sitten / ik ga zitten

16. de/it
Guon haadwurden ha yn it Frysk *de* wylst it Nederlânsk *it* hat, en oarsom.
Foarbylden: *it wang, it skouder, it fabryk, de bosk.*

17. wêze
It mulwurd 'west' wurdt kombinearre mei 'hawwe' yn plak fan 'wêze':
Ik ha west / Ik ben geweest

18. folle/in soad
'Folle' kin allinnich mei in ûntkenning of mei in fergrutsjende trep. Oars: in soad/in protte.
net folle / niet veel
folle grutter / veel groter
NB: 'folle' komt ek foar yn tefolle, safolle, wittefolle, ensafh.

19. 'bliuwe' as helptiidwurd
'Bliuwe' kin allinnich by stilstân:
Kaugom bliuwt plakken.
Ik bliuw lizzen.
Oars moatst it omskriuwe: hy praat mar troch / hij blijft praten

20. tiidwurd op –n
In Frysk tiidwurd einiget op –n:
- nei *te*: te hingjen
- as it selsstannich brûkt wurdt: it iten, it dûnsjen
- mei waarnimmingstiidwurden: ik hear har sjongen
- yn it berik fan 'hawwe': ik ha dêr in boatsje lizzen
- yn it berik fan *komme/gean/bliuwe*: bliuw mar sitten

Sikest in Frysk wurd? Wolst dyn stavering kontrolearje? Wolst witte hoe't in sterk tiidwurd bûgd wurde moat? Sjoch op www.taalweb.frl.